

Examen VWO  
**2014**

tijdvak 1  
maandag 26 mei  
13.30 - 16.00 uur

**Fries**

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 36 vragen.  
Voor dit examen zijn maximaal 48 punten te behalen.  
Voor elk vraagnummer is aangegeven hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.

Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

## Tekst 1 Fryslân: it bêste lân of it bêste merk fan d' ierde?

- 1p 1 Hoe wurdt it ûnderwerp fan de tekst yn alinea 1 ynlaat?  
Yn alinea 1 wurdt  
A in foarbyld fan in mediahype jûn.  
B in gearfetting fan de rest fan de tekst jûn.  
C in konklúzje foarôf jûn.  
D in pakkende útspraak oer it sintrale tema jûn.
- 1p 2 Wat is it ferbân tusken alinea 1 en alinea 2?  
A It is in ferlykjend ferbân.  
B It is in konkludearjend ferbân.  
C It is in oarsaaklik/redenjouwend ferbân.  
D It is in útlizzend ferbân.
- 1p 3 Fan hokker bysûnder taalgebrûk is yn it tekstpart "Pleiten fan ... berikt hienen." (r. 44-48) sprake?  
A It is in hyperboal.  
B It is in metafoar.  
C It is in personifikaasje.  
D It is sarkasme.

- 1p 4 Lis út wat it ferbân is tusken it sinpart "It publike ... yn ienrjochtingsmonologen" (r. 41-43) en de sin "Kritiske en ... soere sechstigers" (r. 61-67).

Kritiske en skeptyske lûden wurde neffens de skriuwer ferbûn mei synisme (r. 61-64).

- 2p 5 Hokker twa sinparten ûnderstreekje dat ûnderstelde synisme?
- 1p 6 Om hokker reden woe de kultuerdeputearre de saak wat delbêdzje (r. 77-78)?

*Dizze ynliding heart by de fragen 7 en 8.*

"De ferklearring dêrfoar leit benammen yn de hege ferwachtingen fan de impact en de ekonomyske opbringsten dy't him om de titel fan *European Capital of Culture* hinne foarme hawwe." (r. 93-98)

- 2p 7 Wat hâlde dy hege ferwachtingen yn?  
Helje dyn antwurd út alinea 6.
- 1p 8 Wurde dy hege ferwachtingen neffens de skriuwer altyd wiermakke?  
Motivearje dyn antwurd.

Yn alinea 9 wurde trije tsjinstellingen neamd yn it omgean mei de Fryske identiteit tusken earder en no.

- 2p 9 Jou dy trije tsjinstellingen en brûk dêrby de wurden 'earder' en 'no'.

“De lêste jierren hat geografyske marketing him ûntjûn fan it promoaten fan in stêd of regio ta it meitsjen en oanskerpjien fan in winsklike identiteit.” (r. 148-152)

- 3p **10** Beskriuw yn eigen wurden de ûntwikkeling dy't de skriuwer yn alinea 10 útienset. Jou dêrby oan:
- hoe't de situaasje earder wie;
  - hokker neidiel sjoen waard;
  - hoe't de situaasje no is.
- 1p **11** Wat seach Kiestra as úteinlik gefolch fan dat 'oanfretten' fan it Frysk-eigene troch de opkommende yndustry (alinea 11)? Basearje dyn antwurd op alinea 11.
- 2p **12** Omskriuw yn eigen wurden wat de troch de skriuwer ûnderstelde tsjinstelling is tusken it sizzen en dwaan fan Jukema. Basearje dyn antwurd op de alinea's 12 en 13. Brûk net mear as 45 wurden.

*Dizze ynlieding heart by de fragen 13 en 14.*

De tekst kin opdield wurde yn fjouwer parten mei de neikommende dielûnderwerpen:

- 1 Diskusje yn it kader fan it tarieden fan KH2018
- 2 Eftergrûn fan de diskusje
- 3 (Utlis fan) it begryp regiopromoasje yn 'e Fryske kontekst
- 4 Regiopromoasje yn de plannen foar KH2018

- 1p **13** By hokker alinea begjint diel 2?
- 1p **14** By hokker alinea begjint diel 4?
- 2p **15** Hoe soe de skriuwer de fraach yn de titel foar himsels beantwurdzje? Motivearje dat antwurd mei in sitaat.
- 1p **16** Wat foar tekstsoarte is 'Fryslân: it bêste lân of it bêste merk fan d' ierde'?
- A** It is in redenearring.
  - B** It is in skôging.
  - C** It is in útiensetting.

## Tekst 2 De held moat weromkomme

---

1p 17 Hoe wurdt it ûnderwerp fan de tekst yn it tekstpart fan alinea 1 oant en mei 3 ynlaat?

Yn it tekstpart fan de alinea's 1 oant en mei 3 wurdt

- A de konklúzje foarôf jûn.
- B de oanlieding foar it artikel jûn.
- C in gearfetting fan de rest fan de tekst jûn.
- D in tal anekdoaten jûn.

Neffens Drees-biograaf Hans Daalder kin men mei ferhalen sa as dy út alinea 1 wol in boek skriuwe. (r. 12-15)

1p 18 Sitearje út de alinea's 2 oant en mei 4 de sin dêr't de skriuwer yn ornearret dat ferhalen oer Drees boustiennen foar in libbensbeskriuwing wêze kinne.

1p 19 Wat is it ferbân tusken "Hy wie ... de boarger" (r. 25-28) en "Soberheid wie in morele plicht" (r. 28-29)?

- A It is in konkludearjend ferbân.
- B It is in opsomjend ferbân.
- C It is in tsjinstellend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

*Understeande ynliding heart by de fragen 20 en 21.*

Yn r. 56-59 stiet dizze stelling:

"No ja, men sil der altyd wat fan opstekke, mar dan benammen fan watfoar in ferskriklik lân Nederlân is."

1p 20 Op hokker wize besiket de skriuwer dizze stelling te ûnderbouwen yn de alinea's 4 oant en mei 6?

- A troch feiten te neamen
- B troch him te beroppen op literatuer
- C troch morele arguminten te jaan
- D troch syn eigen (deistige) befiningen te beskriuwen

1p 21 Hokker type argumint brûkt de auteur om dy stelling te ûnderbouwen yn alinea 7?

- A in argumint basearre op autoriteit
- B in argumint basearre op emoasje
- C in argumint basearre op in foarbyld
- D in argumint basearre op in moreel oardiel

2p 22 Wat is de opbou fan it tekstpart "Faaks waard ... en skandaal." (r. 59-71) yn alinea 4?

Beneam de sinnen mei de begripen argumint, konklúzje, stelling en subargumint.

“...mar tsjintwurdich doocht der net in soad mear fan.” (r. 61-62)

- 2p **23** Neam de trije foarbylden dy't de skriuwer yn de alinea's 4 en 5 jout by dizze bewearing.

It byld dat yn de skiedskriuwing sketst wurdt fan Jan Pieterszoon Coen is de lêste tiid feroare (alinea 7).

- 1p **24** Sitearje it argumint fan de skriuwer om de resinte negative fyzje op Coen te relativearjen.

- 1p **25** Wat is it ferbân tusken de alinea's 9 en 10?

- A It is in oarsaaklik/redenjouwend ferbân.
- B It is in opsomjend ferbân.
- C It is in tsjinstellend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

“En om de histoaryske kearnfraach ‘wa binne wy’ te ferfangen troch ‘wat bin ik’, sa't yn it rapport suggerearre wurdt, is slimmer as fan 'e rein yn 'e driip komme.”(r. 155-159)

- 2p **26** Lis út wat bedoeld wurdt mei it ferfangen fan ‘wa binne wy’ troch ‘wat bin ik’.

“Alles wurdt dien om tefoaren te kommen dat der in ferhaal ferteld wurdt oer de dingen dy't minsken ferbine,” (r. 160-163)

- 1p **27** Wêrom wurdt dat neffens de skriuwer dien?

*Dizze ynliding heart by de fragen 28 en 29.*

“Niisneamde Van Deursen hat yn syn fraai minyportret fan Michiel de Ruyter wiisd op de oanstriid om hieltyd wer op 'e nij ekskuses oan te bieden út namme fan de foarâlden foar de ferskriklike wandieden dy't mei opsetsin en moedwillich begien binne.” (r. 173-180)

- 2p **28** Lis út hokker rol grutskens en skamte hjirby spylje neffens de skriuwer. Helje dyn antwurd út alinea 12.

- 2p **29** Is Van Deursen it iens mei dy oanstriid om ekskuses oan te bieden? Basearje dyn útlis op alinea's 12 oant en mei 14.

- 1p **30** Hokker stylfiguer is “Skamte as ferpakte grutskens” (r. 190)?

- A eufemisme
- B hyperboal
- C irony
- D paradoks

**Sjoch foar de lêste fragen de folgjende side.**

- “Foar heal jild, dat dan wol wer.” (r. 225-226).
- 1p 31 Lis út wat de skriuwer mei dy sin bedoelt.
- Understeande ynlieding heart by de fragen 32 en 33.*  
It begryp ‘held’ kin ûnder mear definiearre wurde as:
- 1 in dapper kriichsman
  - 2 immen dy’t net bang is
  - 3 immen dy’t respekt ôftwingt
- 1p 32 Hokker definysje(s) slacht / slagge neffens alinea 14 op seehelden lykas Tromp, De Ruyter en Piet Hein?
- 1p 33 Hokker definysje slacht neffens de alinea’s 1 oant en mei 3 op Willem Drees?
- 1p 34 Wêrom sitte de âlderwetske histoaryske helden yn in skûlplak? (alinea 16).
- 1p 35 “... sy binne dêrfan it haadgerjocht.” (r. 246).  
Fan hokker bysûnder taalgebrûk is hjir sprake?
- A Der is sprake fan in hyperboal.
  - B Der is sprake fan in metafoar.
  - C Der is sprake fan in personifikaasje.
  - D Der is sprake fan irony.
- 1p 36 Hokker soarte tekst is dit?
- A redenearring
  - B skôging
  - C útiensetting

---

**Bronvermelding**

*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.*